

Beantwoording schriftelijke vragen artikel 47 Reglement van Orde

Kenmerk van de vraag : 21-09
Datum indienen vraag : 30 maart 2021
Naam vraagsteller : Hr. S.D. van der Meer (FNP)
Portefeuillehouder : Hr. M. de Haan
Ambtenaar : Mefrou E. Lanting
Datum akkoord college :
Zaaknummer :

Underwerp

Gaswinning Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel

Op 30 maart 2021 hat de FNP-fraksje skriftlike fragen steld oer de gaswinning Achtkarspelen en Tytsjerksteradiel. Hjirûnder fine jo de fragen en de reaksje dêrop fan it kolleezje:

Ynlieding

Yn de L.C fan 29 maart 2021 wurde oanjûn dat Vermillion mikt by Burgum op '11 Miljard Kuub ekstra Gas'.

Nei oanlieding fan it foarnimmen fan Vermillion hawwe wy as FNP-fraksje de neikommende fragen.

Fragen

1. Is it kolleezje fan Achtkarspelen ek om in advys oer it gaswinningsplan frege? Hat it kolleezje ek in advys útbrocht of sil it dat ynkoarten dwaan?
2. Neffens it brief fan Tytsjerksteradiel giet it foar in part om it oanboarjen fan nije boaiemlagen en dêrom om nije eksploraasje, wêr't neffens it regearakkoart fan de hjoeddeiske demisjonêre regearing op lân gjin fergunnings mear foar ôfjûn wurde sille. Sil it kolleezje de minister dêr yn syn advys ek op wize?
3. As gefolch fan de gaswinning wurdt der in grutte ekstra boaiemdelgong ferwachte en wurdt de kâns op swierdere ierdbevingen grutter. Ek is yn it winningsplan opnaam dat fracking mooglik wêze sil.
Wat is it tinken fan it kolleezje fan Achtkarspelen oer de ekstra risiko's dy't troch de nije gaswinnings (Tietjerk) ûntsteane foar de minsken en gebouwen yn it gebied? Hoe wurde de gefolgen fan de ekstra boaiemdelgong foar de wetterhúshâlding yn it gebied kompensearre?
4. Hoe wurde de ynwenners fan it gebied ynformearre en belutsen by de plannen en de mooglike gefolgen?

Reaksje kolleezje

1. Ja, it kolleezje hat op 25 maart 2021 advys útbrocht en de ried ynformearre.
2. Ja wy fine dat ek en ha dit yn it advys oanjûn.
3. It kolleezje hat ek sjoen dat de risiko's mei de nije winning grutter wurde en fynt de nije gaswinning net akseptabel. Wy ha de Minister yn it advys skriuw dat wy tsjin dit winningsplan binne.
Skea troch boaiemdelgong en ek ekstra útjeften foar de wetterhúshalding wurde troch de gaswinner fergoede en hjirfoar kin in foardering yntsjinne wurde by de Bodemdalingskommisje. Wy ha dat yn it ferline ek dien en ús ekstra útjeften binne doe betelle.
4. It Ryk en Vermilion moatte de ynwenners ynformearje. Wy sitte no noch yn de advysfase. Hjirnei sil de Minister in úntwerp-beslút nimme en tsjin dat beslút kin elkenien in sjenswize yntsjinje. De Minister moat de ynwenners hjirfan op de hichte stelle en faaks binne der dan ek foarljochtingsdagen mei allegearre sprekkers en saakkundigen.

It kolleezje fan boargemaster en wethâlders fan Achtkarspelen,

siktaris,

boargemaster,

hr. mr. M.P. de Jong

hr. mr. O.F. Brouwer